



## De oerdracht fan de Fryske taal en kultuer yn it ûnderwiis\*

Sytze T. Hiemstra

De skoalle is it bêste plak foar *kultueroerdracht*, skriuwt Hindrik ten Hoeve, Earste-Keamerlid fan de *Onafhankelijke Senaatsfractie (OSF)* yn de *Ljouwerter Krante* fan 4 maart 2005. Dat jildt fansels ek foar de Fryske taal en kultuer. Likegoed foar it spesjaal as it regulier ûnderwiis en foar it pjutteboartersplak oant en mei it heger ûnderwiis.

Al sûnt 1997 besykje ik om it belang dúdlik te meitsjen fan in *kultuerpedagogyske diskusje* as grûnslach foar it gearstallen fan *learplannen* en *learmiddels*. Sa'n *permaninte* en *strukturele* diskusje is allyksa relevant foar it *Frysk* en de Fryske *kultuer*. Dus foar de Fryske *identiteit*. It stimulearjen fan it neitinken dêroer is neffens my in saak fan de lanlike oerheid, ús provinsjale oerheid en fan de skoallen sels.

As it om de skoalle giet, dan tink ik oan *fakgroepen* dy't har spesjalisearre hawwe yn in spesifyk fakgebiet of yn fakgebieten, mar ek oan minder permaninte *taakgroepen* dy't goed trochtochte beliedsútstellen formulearje kinne. Benammen fakgroepen dy't har mei *taal*, *twataligens* en de *saakfakken* (OMW) dwaande hâlde, soene har yngeand dwaande hâlde moatte mei de *winsklike ynhâlden* foar dy leargebieten. Dat rekket it *hert* fan ús pedagogyske taak: it *ynlieden* yn *betsjuttings*.

De ynhâlden, benammen de *basisynsjoggen* fan de learstof dy't de learlingen oanbean krije, moatte opskreaun wurde. Dy ynsjoggen moatte dêrnei útwurke wurde, der moatte foarbylden betocht wurde en der moat *eftergrûnynformaasje* jûn wurde. Soks kin men in *domeinbeskriuwing* neame. It Cito hat in pear jier lyn sokke beskriuwings jûn foar leargebieten as *skiednis*, *ierdrykskunde* en *natoer*. Kearndoelen hawwe wy lang net genôch oan. De besteande binne al frij globaal en de nije wurde anst noch globaler. Nammerste mear reden om de kultuerpedagogyske diskusje tige serieuus te nimmen. Dat betsjut ek dat men besteande learboeken *kritysk* hifket op winsklike ynhâlden. *Lanlike* metoaden kin men net kritykleas brûke yn streken of provinsjes mei in eigen taal of kultuer.

### Wat is in kultuerpedagogyske diskusje?

Wa't in learboek skriuwt, in les tariedt, kearndoelen betinkt of in toets makket, wurdt twongen om nei te tinken oer haad- en bysaken fan de learstof. De sintrale fraach is:

- hokfoar *ynsjoggen* hawwe bern nedich om anst folweardich oan 'de' maatskippij, dus ek oan de 'Fryske' maatskippij en mienskip, dielnimme te kinnen en
- hokfoar *learstof* is amper of net fan betsjutting en kinne wy faaks wol weilitte?

Om dy fraach te beânderjen, litte wy ús almeast liede troch *tradysjes* en troch *maatskiplike* easken, mar ek troch wat yn 'e *moade* is of wat de *waan* fan de dei útmakket.

### Kennis

Wa't oer de fraach nei de *winsklike ynhâlden* goed neitinkt, hat ferlet fan *trije* soarten fan kennis:

- kennis fan *bern*, fan har ûntwikkeling, har fermogen ta learen en har belangstelling;

- b. kennis fan de *kultuer* of fan beskate ûnderdielen dêrfan, bygelyks fan talen as it Frysk, it Hollânsk en it Ingelsk, fan saak- of kultuerfakken as skiednis, ierdrykskunde, maatskippijlear en technyk;
- c. *pedagogyske* kennis om de belangen fan *bern* en *kultuer* opinoar te belûken.

Op *lanlik* nivo wurde kearndoelen, leardoelen en toetsen makke dy't te krijen hawwe mei ynhâlden op it nivo fan de *algemiene* kulturele foarming foar eltsenien. De trije soarten saakkundigens dêrfoar hoecht net yn ien persoan te sitten. Men kin ek in foarum fan saakkundigen gearstalle dêr't lju ynsitte dy't genôch witte fan *ûntwikkelingspsychology*, fan in beskaat *kultureel* gebiet en ûnderlein binne op it mêd fan de *pedagogyk*. Under *pedagogyk* ferstean ik de wittenskip dêr't de *ferhâlding* tusken *kultuer* en *bern* yn oan de oarder. *Opfieding* is ommers in dielgebiet fan de sosjale werklikheid.

De *trijefâldige* struktuer fan dy opfieding bestiet út: (1) in *opfieder* (learkrêft) dy't besiket om (2) in *bern* yn (3) *betsjuttings* (= *learstof*, *kennis*) yn te lieden. Alle trije 'eleminten' fan dy triade hawwe har *eigen* rjochtlik plak as it om *algemiene* foarming giet. It iene 'elemint' stiet dus *net allinnich* yn funksje fan de beide oare, mar hat syn eigen 'belang'. Ek de *kultuer* (ynhâld) fan les of learplan hat in eigen belang. It iene elemint mei net ta skea wêze fan it oare.

### *Arguminten*

Om ta goede *ynhâlden* te kommen, spylje *arguminten* in wichtige rol, yn alle gefallen op de neikommende mêden:

#### 1. *Maatskiplike arguminten*

Underwiis hat in *maatskiplike* funksje, in maatskiplik nut. Hokfoar ynsjoggen hawwe bern nedich om ta krityske oardieljende en konsjinsjeus hanneljende folwoeksenen op te groeien yn in moderne, westerske maatskippij? Yn Europa, yn Nederlân, yn Fryslân.

#### 2. *Kennisteoretyske arguminten*

Elts kennisgebiet hat syn *eigen* begripen (konsepten), tinkfoarmen, ferklearringswizen en weardeoriïntaasjes. Histoaryske kennis hat in oar karakter as ekonomyske kennis en dy beide soarten ferskille wer fan natuerkundige kennis. Algemien foarmjend ûnderwiis moat rekken hâlde mei dy ferskillende tinkfoarmen. It ûnderwiis mei net iensidich wêze op dat punt. In learling moat idealiter yn de rin fan de tiid neffens eigen mooglikheden *ynsjoch* en *oersjoch* krije en begryp foar *problemen* dy't in rol spylje binnen in fakgebiet. By in fak as skiednis is *oersjoch* sels in betingst foar *ynsjoch*.

#### 3. *Fakynhâldlike arguminten*

Fakynhâldlike arguminten moatte rjocht dwaan oan de *tradysje* of it *fak*. Bysaken meie gjin haadsaken wurde of oarsom. Beskate haadsaken kinne ienfâldichwei te slim wêze foar learlingen fan in beskate âldens of ûntwikkelingsnivo. Dan moatte wy se net oanbiede, al is it somtiden mooglik se te *ferienfâldigjen*. Mar as wy dat dogge, dan mei de essinsje fan it fak (de *ynsjoggen* dêrfan, de ***wittenskiplike wierheden***) net oantaast wurde.

#### 4. *Lear- en ûntwikkelingspsychologyske arguminten*

Psychologyske arguminten slagge op de mooglikheden en kwaliteiten fan de learlingen. De fraach is: binne beskate kennis en feardichheden *te learen* foar in doelgroep as wy sjogge nei âldens, eftergrûn en yntelliginsje dêrfan. Dat hat gefolgen foar de *omfang* en *djipgong* fan de ynhâlden.

## 5. *Praktyske arguminten*

Underwiistiid is beheind. Men sil dus ôfwagings meitsje moatte wat op skoalle earst en lêst moat en wat better bûten skoaltiid falle kin. It ynlieden yn alle foarskreaune of troch de skoalle keazen fak- en leargebieten (ferlykje it skoalplan) moat sa min mooglik oantaast wurde. Dat is de kearntaak fan de skoalle. Yn de *fakkehiërgary* hearre *de talen* Frysk, Ingelsk en Nederlânsk (foar kommunikaasje en kultuer) en saakfakken lykas *skiednis*, *ierdrykskunde*, *biology en natuerkunde* (ynsjoch yn de *wrâld* fan juster, hjoed en moarn) neffens my heech te skoaren.

### *Gearhing yn learstof*

As men gearhing oanbringe wol yn it beskriuwen fan learstof, bygelyks yn learplangroepen, fakgroepen of sub-(fak)groepen, dan leit it foar de hân om *geastlike* streamings en *steatsynrjochting* ûnder te bringen by *skiednis* (benammen dy fan de 20<sup>ste</sup> ieu). *Natuer- en miljeu-edukaasje*, *sûn en redsum gedrach* en *technyk* passe goed by *natuerûnderwiis* en *ierdrykskunde*. Dat is ek wat it Cito docht yn de boppe neamde domeinpublikaasjes.

In *fiergeande yntegraasje* fan fakken is net goed te ferdigenjen, omdat de measte fakken eigen fyzjes ('gesichtspunten') op de werklikheid hawwe. En dy soene by yntegraasje maklik sa dizenich wurde kinne, dat der neat mear fan oerbliuwt. Behalven maatskiplike winsken, binne sadwaande de deugdlike *wittenskiplike* kaders fan de *universitêre* dissiplinen altiten fan grut belang. Dy bringe, elts út in eigen gesichtspunt wei, *gearhing* oan yn in grutte hoemannichte fan feiten en winsken dy't te krijen hawwe mei maatskiplike problemen. It is dêrom tige oppassen mei in oanpak dy't inkeld en allinnich mar *tematysk* is. Sa'n oanpak jout earder in bûnte biddeltekken fan feiten en mienings, dy't earder ta *betizing* liedt, as dat der *oarder* ûntstiet.

De *begripen* fan al dy fakgebieten (fakregisters, terminology fan de saakfakken) hearre yn goed twa- of meartalich ûnderwiis (Frysk, Ingelsk, Hollânsk) *lykwichtich yn dy talen* oanleard te wurden, bygelyks troch dy talen as ynstruksjetaal in lykwichtich plak te jaan yn it skoalplan. De trijetalige basisskoalle yn Fryslân is dêr in goed foarbyld fan.

### **Nei in 'Nederlandse culturele canon'**

De fraach wat de nije generaasje fan de âlde leare moat, is yn de pedagogyk fan âlds in wichtich diskusjepunt. De fraach appellearret oan it byld dat de maatskippij, resp. in mienskip hat fan wat *kultureel weardefol* is.

Dêr hat de lanlike *Onderwijsraad* him ek oer bûgd en yn jannewaris 2005 advys útbrocht oan de minister en steatssekreteraris fan Underwiis, Kultuer en Wittenkip ûnder de titel *Stand van educatief Nederland*. De ried konkludearret dat der yn it Nederlânske ûnderwiis te min omtinken is foar de *sojsalisaasjetaak*, dêr't it bybringen fan *kultureel* en *histoarysk* besef ek ûnder falt. Dêrby heart, sa seit de ried, ek omtinken te wêzen foar 'onze culturele identiteit'. Soks soe liede moatte ta in moderne ynfolling fan *boargerskip* en in goede *oerdracht* en *fierdere ûntjouwing* fan it *kultureel erfgoed*. De ried wol de relevânsje fan it ûnderwiis foar de maatskippij fersterkje troch te kommen ta in nije 'kanon' foar it ûnderwiis. It giet dan om weardefolle ûnderdielen fan 'onze cultuur en geschiedenis die we nieuwe generaties via het onderwijs willen meegeven'. De ried achtet sa'n 'kanon' fan belang foar de hiele maatskippij, dus yn prinsipe foar *alle* learlingen (fan 4 oant 18 jier), en net allinnich foar in elitêre groep. De 'kanon' hoecht perfoarst net allinnich *konservearjend* fan aard te wêzen, mar kin ek *fernijend* wurkje (*Ibid.*, 12-13).

De ried tinkt dat de kanon bestean moat út trije ûnderdielen dy't nau oaninoar ferbûn binne:  
(1) in gehiel fan *ynhâlden*;  
(2) in *argumintaasje* by dy ynhâlden;  
(3) in *metoade* om ta in *periodike* bystelling fan dy ynhâlden en argumintaasjes te kommen.

De ried sjocht de kanon net as in 'permanent *gegeven*, ze is eerder een *permanent* en *goed gestructureerd* debat' (*Ibid.*, 120).

No bin ik winliken wêr't ik wêze wol, want soks liket in protte op wat al sûnt 1987 yn de kultuerpedagogyk oantsjut wurdt as de *kultuerpedagogyske diskusje*! De *Onderwijsraad* liket hjir skatplichtich te wêzen oan dy pedagogyk, mar neamt it begryp net. Hoe't it ek sit, de ried stelt, krekt as yn de kultuerpedagogyk dien wurdt, út om sa'n kanon út te drukken yn *learynhâlden* – dus net yn de foarm fan 'doelen'! – en sa heart it ek.

Leargebieten, fakken en dissiplinen dy't dêr in bydrage oan leverje moatte, binne it *taalûnderwiis* (wêrûnder *literatuer*), de *skiednis*, *wrâldoriïntaasje*, *maatskippijlear*, *kultuer* en *keunstsinnige foarming* en *wittenskipsûntwikkeling*. Mar ek learynhâlden yn de sfear fan de *geografy* en *technyk* (de ried neamt de Beemster as *kultureel erfgoed*, wy soene it Waad neame kinne) kinne in part fan de kanon wurde (*Ibid.*, 120). De ried tinkt dat *net alle learynhâlden* foarskreaun wurde moatte yn it ûnderwiis. Dochs sil, alwer neffens de ried, in part fan de kanon (ynhâlden) ta utering komme *moatte* yn *kearndoelen* en *eksamenprogramma's*. In oare laach fan ynhâlden sil in reade tried biede moatte foar ûnderwiis *bûten* it *kearnkurrikulum* (*Ibid.*, 121).

Neffens de Underwiisried soe de minister de ûnderdielen fan de kanon *fêststelle* moatte dy't yn *kearndoelen* en *eksamenprogramma's* nei foaren komme. Dêrbûten hat de minister gjin wetlik foech. Dochs kin de minister, as it oan de ried leit, 'het geheel als een belangrijke nationale streefrichting en richtsnoer aan het onderwijsveld ter beschikking stellen' (*Ibid.*, 13, 121).

Wat betsjut soks no foar in regio of in provinsje mei in eigen taal en kultuer lykas Fryslân?

### **Nei in 'Fryske kulturele kanon'**

Nei it sketsen fan it steatsnasjonale ûnderwiiskundich ramt, kom ik ta de fraach hoe't dêr yn Fryslân en yn de skoallen fan dy provinsje mei omgongen wurde sil. Net allinnich as it om de oerdracht fan de *Fryskeigen kultuer* giet, mar bygelyks ek as it om in fak as *Fryske skiednis* giet.

By it ratifisearjen fan it *Europeesk Hânfest* hat Nederlân ynstimd mei de bepaling 'regelingen te treffen om het onderwijs in de geschiedenis en cultuur die in de [Friese taal] haar weerspiegeling vindt, te waarborgen' (kêst 8, earste lid, ûnderdiel g; Van der Goot, *Europees handvest voor regionale talen of talen van minderheden*, 1999-2001, 2003, 82). It 'Committee of Experts' fan de *Ried fan Europa*, dat tasjen moat op it neilibjen fan it Hânfest, is oant no ta net tefreden oer de Nederlânske oerheid. Dy jout noch altiten te min omtinken oan it ûnderwiis yn de Fryske taal en kultuer, benammen yn it fuortset ûnderwiis: "Volgens het 'Committee of Experts' wordt de bepaling niet door Nederland nagekomen" (s. 82). En dat is fansels treurich. It soe dêrom better wêze dat de provinsje sels it foech kriget oer it ûnderwiis yn de Fryske taal en kultuer. Dan kinne sokke tekoarten foar 't neist better oanpakt wurde.

In oanbefelling fan it *Berie foar it Frysk*, de advyskommisje fan de provinsje Fryslân foar it taalbelied Frysk, sprekt dan ek út dat de Provinsje *oangeande it ûnderwiis yn it Frysk* in *spesifyk*

*foech* krije moatte soe. Dêr soene de leargebieten, fakken en dissiplinen dy't de *Onderwijsraad* neamt, dus mêden mei foar it Frysk en Fryslân identiteits- en kanongefoelich karakter, neffens my as fanselssprekkend ûnder falle moatte.

### **Nei in 'kanon' foar de Fryske skiednis**

Foar it fak skiednis hat drs. Kerst Huisman, âld-sjoernalist en histoarikus, al in stik foarwurk dien as it giet om in kanon foar de *Fryske* skiednis dy't bydraacht oan de ûntwikkeling en beskerming fan de Fryske identiteit. In gearfetting dêrfan is útkommen yn it histoarysk tydskrift *Fryslân* (maart, 2005, nû. 1, s. 3-5) ûnder de titel 'Heech tiid foar in 'canon' fan de Fryske skiednis en kultuer'. Huisman syn ûntwerpstekst foar de *hiele kanon* is te finen op it FFU-webstek ([www.fryskebeweging.nl](http://www.fryskebeweging.nl)) → brieven 2005 → útgien (24-02-2005): [Konsepttekst 'kanon' Fryske skiednis.pdf](#). Wa't de ynhâld witte wol, kin dy dêr neilêze.

Wat Huisman boppedat oanjout, is dat wy yn it ûnderwiis yn Fryslân ta moatte op in *twaspoarebelied*. Oan de iene kant moat der omtinken wêze foar ûntwikkelings dy't ta de 'Nederlânske' skiednis hearre, mar tagelyk sille dy hieltiten wer relatearre wurde moatte oan de dêrmei korrespondearjende fasetten fan de 'Fryske' skiednis. Dus moat der net allinnich omtinken wêze foar it yngroeien yn de (Nederlânske) ienheidssteat, mar ek foar dy fasetten dy't oant hjoed de dei befoarderlik west hawwe foar it fierder bestean fan de Fryske identiteit.

Fryske skiednis is boppedat net allinnich de skiednis fan de Nederlânske provinsje Fryslân. Der hawwe yn it ferline hiel wat minsken west dy't harsels as Friezen seagen, mar alhiel net yn it gebiet fan de hjoeddeiske provinsje Fryslân wennen. Der komt noch by dat der hjoed de dei bûten ús provinsje noch altiten kontreien binne mei de namme *Fryslân/Friesland: West-Fryslân* yn Noard-Hollân, *East-Fryslân* en *Noard-Fryslân* yn Dútslân en dan ek noch de *Kreis Friesland* om Wilhelmshaven hinne. Dêrom kin de Fryske skiednis beswierlik beheind wurde ta dy fan de Nederlânske provinsje Fryslân.

Omdat Fryslân 'lân fan de Friezen' betsjut, is it dêrom logysker dat de Fryske skiednis giet oer it kollektyf dat bekend stiet as Friezen. Dat is in kollektyf dat al yn de Romeinske tiid neamd wurdt. Dat dat kollektyf yn de rin fan de tiden mooglik hiel yngripende feroarings meimakke hat, sels mooglik sa, dat de hjoeddeistige Friezen foar it grutste part net útskaaie fan dy út de Romeinske tiid, is neffens Huisman net fan belang. Fan belang is dat der in *kulturele entiteit* is dy't in ferline hat fan sa'n *two millennia*.

De kennis fan de 'Fryske skiednis' liedt ta it ynsjoch dat dy mooglik wolris wichtiger foar it ûntstean fan it lettere Nederlân wêze kin as it skiednisûnderwiis (mei syn learboeken) oant no ta faken hawwe wol. Kennisse fan en belutsenens by de Fryslannen yn Dútslân kinne liede ta it ferbreedzjen fan it konkrete, op ús eigen skiednis belutsen eachweid oer de steatsgrins hinne. Kennisse fan dy skiednis kin ek liede ta it ynsjoch dat Fryske belutsenens by Europa en de wrâld al in hiel ier ferskynsel is. Tink bygelyks oan de Fryske hannel yn de iere en de folle midsieuwen en it katolike Fryslân mei in eachweid oant yn Rome, mei syn eigen Friezentsjerke.

Wêrom dat pleit fan Huisman foar ûnderwiis yn Fryske skiednis yn de krekt omskreaune betsjutting? Omdat rûnom yn Nederlân op it stuit klage wurdt oer in ferskriklik brekme oan kennis fan it Nederlânske ferline. Dat Pim Fortuyn, mei achtinge foar de fertsjinsten dy't er grif hie, keazen wurde koe as de grutste Nederlanner fan alle tiden, seit in soad oer it ûnbrekken fan in goed histoarysk besef yn brede lagen fan de Nederlânske maatskippij. Wylst krekt it witten hoe't ús

mienskippen en bestjoersfoarmen, ús omgean mei elkoar en ús frijheid ûntstien binne, fan wêzentlik belang is foar in goede hâlding yn in tiid fan ôfnimmende tolerânsje en in tanimmende bedriging fan de demokrasy. En krekt yn it Fryske ferline sitte saken dy't op syn minst in eigen aksint jûn hawwe oan dy ûntwikkelings dy't Nederlân makke hawwe ta wat it wurden is.

It ferbetterjen fan de situaasje sil net ienfâldich wêze, omdat de 'skiednis'-kennis fan de jongere generaasje skoalmasters en -juffen almeast net oerhâldt. Lit stean de kennis fan de 'Fryske' skiednis. Dat hat sa syn oarsaken dy't mei de kwaliteit en kwantiteit fan it skiednisûndertjocht yn de foaroplieding (mafû, hafû, pabû) te krijen hawwe. Wat de *skiednis* oanbelanget, hat it oerheidsbelied op dat stik de lêste desennia in *ôfbraak*belied west. En no sitte wy mei de brokken, mei 'histoaryske hiele of heale analfabeten', yn en bûten it ûnderwiis. Jierrenlang hawwe wy dit yn Nederlân gewurde litten en hawwe wy sitten te sliepen. Ryklik let lykje wy wekker te wurden, mei ûnder ynfloed fan de driging dy't der foar ús identiteit útgiet fan hûnderttûzenen, faak net-westerske allochtoanen, dy't neat mei de identiteit fan de Hollanners, de Limboargers en de Friezen hawwe.

Dêrom ek it bekende artikel 'Wat iedereen móet weten van de vaderlandse geschiedenis. Een canon van het Nederlands verleden', dat de histoarys Jan Bank en Piet de Rooy skreaun hawwe yn *NRC/Handelsblad* fan 30 oktober 2004. En dêrom ek it advys fan de *Onderwijsraad* om ús learlingen mear boargerskip by te bringen. En dan is it needsaaklik dat it skiednisûnderwiis weromkomt op ús skoallen en dat der op de skoallen mear en better omtinken komt foar it fuortsterkjen fan de saneamde 'Nederlânske' identiteit.

It gearstallen fan in 'kanon' fan de Nederlânske kultuer en skiednis mei lykwols perfoarst net (wer) in sintralistysk-Hollânsk ferhaal wurde. Dêrom moatte wy yn Fryslân en yn it Fryske ûnderwiis op 'e slach passe en ús foarstelling fan it ferline op 'e tafel lizze en yn it ûnderwiis bediskusje. Ik neam dat in kultuerpedagogyske diskusje. Dy soe *struktureel* en *permanint* op foldwaande nivo fierd wurde moatte. Yn Fryslân benammen as it mei identiteitsgefoelige aspekten fan it lear- of skoalplan te krijen hawwe.

It feit dat de Nederlânske ryksoerheid de Friezen as iennichste *nasjonale minderheid* erkend hat, kin der in ekstra stimulâns ta wêze. Wy binne no offisjeel in minderheid mei in *eigen idee fan naasje* binnen de Nederlânske steatsnaasje. Lit ús dêr dan ek utering oan jaan.

### **'Commissie Ontwikkeling Nederlandse Canon' en Deputearre Steaten fan Fryslân**

Op 31 augustus 2005 hat minister Van der Hoeven (OCenW) de saneamde *Commissie Ontwikkeling Nederlandse Canon* (mei prof. dr. F.P. van Oostrom as foarsitter) ynstallearre. De opdracht oan de kommisje is om te kommen ta in 'Nederlandse Canon' en dy foar 1 septimber 2006 oan de minister oan te bieden.

De CDA-Steatefraksje hat oer de taakopdracht fan de kommisje trije fragen steld oan Deputearre Steaten fan Fryslân. Deputearre Steaten skriuwe de fraksje (brief fan 21-09-2005) dat de kommisje Van Oostrom yn in iepen debat mei alderhanne persoanen en organisaasjes de kanon formulearje wol en dat se dy kommisje freegje sille om yn oerlis mei it Fryske ûnderwiisfjild en alderhanne kulturele ynstellings 'ek *romte* te realisearjen foar de Fryske kultuer en skiednis' en dat it Kolleezje sels gjin opdracht jaan wol ta it meitsjen fan in eigen Fryske kanon.

De fraach is:

- a. oft dy 'romte' foldwaande wêze sil om oan de Fryske taal en kultuer (ynkl. de skiednis) rjocht te dwaan
- b. en oft soks in basis lizze kin foar de winsklikens om struktureel in 'permaninte' Fryskeigen *kultuerpedagogyske diskusje (kpd)* te ynstitúsjonalisearjen.

In *kpd* freget winliken om 'bliuwende' fasiliteiten, wylst de Kommisje Van Oostrom in 'tydlike' kommisje is, dy't syn wurk oan 'de' kanon yn in jier 'klear' hawwe moat. It liket der dus op dat wy nei it opheffen fan dy kommisje yn 2006 op 'en nij by de Fryske oerheid oanstean moatte op it fuortsetten fan it wurkjen oan Fryskeigen-domeinbeskriuwings.

#### Eftergrûnliteratuer

- Advies van de Commissie historische en maatschappelijke vorming (2001). *Verleden, heden en toekomst*. Enschede: SLO
- Bank, J, G. van Es en P. de Rooy (2005). *Kortweg Nederland. Wat iedereen wil weten over onze geschiedenis*. Den Haag: Stichting Actueel Verleden
- *European Charter for Regional or Minority Languages*
- *Fragen oer in kanon foar it ûnderwiis*, brief fan Deputearre Steaten oan de CDA-Steatefraksje, merkteken 611529, d.d. 21-09-2005
- Goot, A. van der (eindred.) (2003). *Europees Handvest voor regionale talen of talen van minderheden 1999-2001. Tweede rapportage inzake maatregelen welke Nederland heeft getroffen ten aanzien van de Friese taal en cultuur*. Den Haag/Leeuwarden: Ministerie van Binnenlandse Zaken en Koninkrijksrelaties en Fryske Akademy
- Haan, R. de (2000). *Terminology fan 'e saakfakken*. Ljouwert: Taalbuero Fryske Akademy
- Huisman, K. (2005). *Konsepttekst 'canon' Fryske skiednis*, 23-02-2005 ([www.fryskebeweging.nl](http://www.fryskebeweging.nl)) → Feriening Frysk Underwiis (FFU) → brieven 2005
- Huisman, K. (2005). 'Heech tiid foar in 'canon' fan de Fryske skiednis en kultuer' Yn: *Fryslân*, jrg. 11, nû. 1, 2-5
- Imelman, J.D. (1982<sup>2</sup>). *Inleiding in de pedagogiek. Over opvoeding, haar taal en wetenschap*. Groningen: Wolters-Noordhoff
- Meijer, W., P. van der Ploeg en D. Thoomes (red.) (1999). *Pedagogiek als tijdrede*. Baarn: Intro
- Onderwijsraad (2005). *De stand van educatief Nederland*. Den Haag: Onderwijsraad, jan. 2005
- Wagenaar, H. (red.) [s.t.]. *Geschiedenis voor de basisschool. Een domeinbeschrijving als resultaat van een cultuurpedagogische discussie*. Arnhem: Citogroep (Primair onderwijs)
- Riemersma, A. (1996). 'It nije Europeeske Hânfest foar minderheidstalen'. Yn: *De Pompeblêden*, nû. 4, s. 42-48

\* In eardere ferzje fan dit aktualisearre artikel is ûnder de titel 'Kultueroerdracht en Skoalle Lyndensteyn' ferskynd yn it skoalblêd fan Skoalle Lyndensteyn *Skoalle & Thús*, nû. 31, april 2005, losse bylage.